



Ljouwert, 1 juny 2017

## PARSEBERJOCHT

### Kandidaat-riedsleden en kandidaat-wethâlder FNP-Ljouwert fêststeld

**Op in bysûndere algemiene ledegearkomste by hotel Duhoux yn Wurdum hawwe de FNP-leden fan de fúzjegemeenten Ljouwert, Ljouwerteradiel en Littenseradiel-Noard (Lyts Baarderadiel) woansdei 31 maaie de definitive kandidatelist fêststeld foar de weryndielingsferkiezings op 22 novimber dit jier. Ek is in kandidaat-wethâlder oanwiisd.**

### Kandidaten út trije gemeenten yn top-5

Mar leafst 86 leden wiene nei Wurdum kommen om oer de advys-kandidatelist te stimmen. Dat tsjûget fan in grutte belutsenheid by de takomst fan de partij yn de nije grutte gemeente Ljouwert. Yn de top fan de list hawwe de leden inkele wizigingen oanbrocht. Wichtich is dat alle trije gemeenten fertsjintwurdige binne by de earste 5 plakken: Ljouwert en Ljouwerteradiel mei elk 2 kandidaten en Littenseradiel mei 1 kandidaat. Ek de man-frou-ferhâlding sjocht der goed út: 2 froulju en 3 manlju.

By de gearstalling fan de list is, neist kwaliteit en ûnderfining, rekken holden mei de regionale sprieding en de man-frou-ferdieling. De FNP hopet mei dizze list en it wurk dat ús riedsleden de ôfrûne jierren yn de trije gemeenten út de wei set hawwe, op in soad stimmen, sadat we mei op syn minst fjouwer sitten yn de nije Ljouwerter ried de belangen fan ús ynweners behertigje kinne.

### Kandidaat-wethâlder

Rikus Sinnema út Stiens is troch de leden oanwiisd as kandidaat-wethâlder. It soe samar kinne dat de FNP anst frege wurdt om diel út te meitsjen fan in nij te foarmjen kolleezje fan B&W. Mei Rikus Sinnema as poergeskikte kandidaat is de FNP der klear foar.

### Kandidatelist riedsferkiezings Ljouwert-Ljouwerteradiel-Littenseradiel op 22.11.'17. Fêststeld op de ledegearkomste yn Wurdum op 31 maaie 2017.

- |                              |          |
|------------------------------|----------|
| 1. Jan-Willem Tuininga       | Stiens   |
| 2. Lyda Veldstra-Lantinga    | Grou     |
| 3. Folkert Dijkstra          | Stiens   |
| 4. Hinke Roorda              | Jellum   |
| 5. Auke Kleefstra            | Reduzum  |
| 6. Klaas Wassenaar           | Ljouwert |
| 7. Evert Wilstra             | Ljouwert |
| 8. Rikus Sinnema             | Stiens   |
| 9. Aeltsje de Groot-Zantema  | Stiens   |
| 10. Yde Dijkstra             | Ljouwert |
| 11. Saapke de Groot-Voolstra | Ljouwert |
| 12. Bjinse van der Zwaag     | Mantgum  |

13. Dorothea Deelstra	Baard
14. Oege Tjerk Schievink	Wurdum
15. Jantsje Heeringa	Ljouwert
16. Harm Hansma	Jelsum
17. Nynke Beetstra	Grou
18. Piet Bakker	Hilaard
19. Bernlef Kornelis	Miedum
20. Martha Haakma-Geertsma	Stiens
21. Jaap Kerstma	Feinsum
22. Lys Scarse-de Jong	Mantgum
23. Albert Seldenrust	Ljouwert
24. Pieter Roorda	Stiens
25. Feikje Toering-van der Weide	Weidum
26. Bartele Kramer	Jirnsum
27. Loeki Bijlsma	Britsum
28. Henk de Vries	Stiens
29. Tsjerk Buma	Grou
30. Tette Liemburg	Ljouwert
31. Nora Pratley	Goutum
32. Pieter Sipke Bouma	Stiens
33. Sake Janse	Jirnsum
34. Hessel Veldstra	Grou
35. Grieteloek Kingma-Hansma	Koarnjum
36. Hindrik van der Meer	Jorwert
37. Reinder Reitsma	Ljouwert
38. Aesger Stienstra	Alde Leie
39. Schouwtje Scholte-Tjeerdsma	Grou
40. Jabik Kramer	Goutum
41. Richtsje Miedema	Ljouwert
42. Cees van der Meulen	Grou
43. Jaap Keizer	Jelsum
44. Sybren Posthumus	Reduzum
45. Annigje Toering-Schuurmans	Mantgum

### **Kandidaat-wethâlder:**

Rikus Sinnema út Stiens

### **Oanfolgjende ynformaasje oer de boppeste fiif kandidaten en oer de kandidaat-wethâlder**

#### **1. Jan-Willem Tuininga, Stiens**

Leeftyd: 50 jier.

Berop: administratyf meiwurker Definsje / taksysjauffeur VMNN.

Maatskiplike aktiviteiten: 35 jier frijwilliger en haadkarmaster fan de keninklike iisklup

Stiens; belutsen as frijwilliger by meardere aktiviteiten yn de gemeente Ljouwerteradiel.

Politike ûnderfining: 24 jier lid FNP, 7 jier skaadfraksje, 4 jier bestjoer en 15 jier riedslid yn Ljouwerteradiel.

Spearpunten: 1. De boarger stiet by my foarop en dat draach ik út yn de ried;

2. Stêd en plattelân moatte lykwichtich bestjoerlike oandacht krije.

#### **2. Lyda Veldstra-Lantinga, Grou**

Leeftyd: 60 jier.

Berop: riedslid en kommersjeel meiwurkster by nijs/advertinsjemagazine.

Maatskiplike aktiviteiten: nei 30 jier krekt opholden as frijwilliger by it Jopie Huisman

museum yn Warkum.

Politike ûnderfining: riedslid Boarnsterhim 1990-2002; steatelid provinsje Fryslân 2003-2006; riedslid Boarnsterhim 2006-2014; riedslid gemeente Ljouwert 2014 – 2018.

Spearpunten: 1. Behâld fan de leefberens yn de doarpen;  
2. Behâld fan lytse skoallen.

### **3. Folkert Dykstra, Stiens**

Leeftyd: 63 jier.

Berop: konstruksjeberekkeningen dwaan foar boubedriuwen en partikulieren.

Maatskiplike aktiviteiten: Ik help elkenien foar safier it yn myn mooglikheden past.

Politike ûnderfining: 18 jier riedslid foar FNP-Ljouwerteradiel.

Spearpunten: 1. Stribje nei in libben plattelân (it spûkbyld sa as yn Spanje, Frankryk, Italië ensfh. fyn ik ferskriklik).  
2. Stribje nei in iepen, transparant en kontrolearber iepenbier bestjoer.

### **4. Hinke Roorda, Jellum**

Leeftyd: 61 jier.

Berop: trainer ‘begeleid ontdekkend lere’ binnen it zmlk ûnderwiis en organisaasjes foar minsken mei in ferstanlike beheining, selsstannichheidsbefoardering; kliïntstiper yn thússituaasjes foar minsken my harsenletsel; foar in part mei pensjoen, eigen kar, om romte te meitsjen foar de gemeentepolityk.

Maatskiplike aktiviteiten: net struktureel ergens oan ferbûn, mar iepensteand foar help yn doarp en buert.

Politike ûnderfining: 1 jier FNP-bestjoer en 4 jier riedslid Littenseradiel.

Spearpunten: 1. Kommunikaasje, sizze wat je dogge en dwaan wat je sizze. Iepen en transparant en fan ûnderen op.  
2. Stêd en doarpen moatte mekoar fine en mekoar fersterkje mei-inoar kinne wy der in moaie gemeente fan meitsje.

### **5. Auke Kleefstra, Reduzum**

Leeftyd: 52 jier.

Berop: fruchtbeamkweker / hofker.

Maatskiplike aktiviteiten: bestjoerslid/foarsitter St. Slach by Warns ca. 1990-2000; foarsitter Noordelijke Pomologische Vereniging 1989-1994; foarsitter St.Fruit yn Fryslân 2003-2012; bestjoerslid ûndernimmersferiening Bornego, Aldeboarn 1991-1994.

Politike ûnderfining: skaadfraksje D66-Assen 1987-1989; skaadfraksje/bestjoer FNP-Boarnsterhim 1989-1997; skaadfraksje/fraksje-assistent polityk poadium FNP-Ljouwert 2013-2017.

Spearpunten: 1. Fan de FNP in middelgrutte partij yn de Ljouwerter polityk meitsje sadat we meibestjoere kinne. Op langere termyn is faaks sels in posysje as grutste partij mooglik. Der moat dan al in effektive strategy en fisy oan te’n grûnslach lizze. De kiezer yn de stêd moat op in oare wize ‘ferovere’ wurde as de plattelanner.  
2. De Fryske taal in lykweardich plak jaan yn it deistich libben yn de gemeente Ljouwert. De ynstruminten dêrfoar lizze foar in grut part by de gemeentlike oerheid.

## **Kandidaat-wethâlder**

### **Rikus Sinnema, Stiens**

Leeftyd: 59 jier.

Berop: ûndernimmer/foarsitter Rie fan Bestjoer.

Maatskiplike aktiviteiten: wurkgroep ta behâld fan bunker Koehoal.

Politike ûnderfining: 7,5 jier riedslid fan gemeente Menameradiel (maart 2010-okt. 2016).

- Spearpunten:
1. Mear mooglikheden foar swiere soarch yn de doarpen.
  2. In goede balâns sykje tusken stêd en plattelân. De stêd moat krekt as de doarpen libben bliuwe. Dus beide moatte foarsjennings nei aard en skaal ha.
  3. Sa folle mooglik lytse skoallen behâlde as dat finansjeel mooglik is.



De boppeste fiif: f.l.n.r. Folkert Dykstra, Auke Kleefstra, Hinke Roorda, Jan-Willem Tuininga en Lyda Veldstra-Lantinga.